

Steatefraksje FNP  
O.f. frou De Jong  
Postbus 20120  
8900 HM LJOUWERT

Ljouwert, 23 maaie 2017  
Ferstjoerd, **24 MEI 2017**

Ús merkteken : 01420001  
Ôfd/Opjefte : Frysk kapitaal  
Opsteld troch : N.J. de Vries / (058) 292 80 44 of n.devries@fryslan.frl  
Jo merkteken : 01418089  
Taheakke(n) : -

Ûnderwerp : Beäntwurdig skriftlike fragen oer gefolgen spriedingsplannen ûnderwiis foar meartalige skoallen

Achte frou De Jong,

Wy hawwe jo skriftlike fragen oer de gefolgen fan spriedingsplannen ûnderwiis foar meartalige skoallen ynkrigen op 3 maaie 2017 en ynboekt ûnder nûmer 01418089.

As ramt by de beantwurdig, sitearje wy de troch jo opstelde ynljedende taljochting hjirûnder:

“Op 22 maaie 2013 hat it Kolleezje in tasizzing dien dat der oerlein wurde soe mei ferskate ûnderwiiskoepels oer in model foar berikber en beskikber ûnderwiis yn Fryslân. Oanlieding wie de trochgeande sluting fan lytse skoallen en de organisatoaryske opskaling yn it ûnderwiis. It oerlis hat doe net fuort laat ta in breed droegen spriedingsplan foar ús provinsje.

No lêze wy dat skoallen, Provinsje en Ryk troch de aktuele sitewaasje dochs meiinoar senario's ûntwikkelje wolle foar in goede sprieding en behâld fan basisskoallen op it plattelân (LC 8 maart 2017). Skoalbestjoeren yn it suden fan de provinsje binne al dwaande mei in grut spriedingsplan (LC 14 maart 2017). Oanlieding is it tebekrinnen fan it tal learlingen (demografyske krimp) mar ek de oankommende bestjoerlike weryndieling lykas yn de nije gemeente Ljouwert (LC 24, 28 maart 2017).

Op 22 maaie 2015 hawwe wy jo befrege oer de effekten fan it sluten fan lytse skoallen op it provinsjale belied ten oansjen fan trijetalich ûnderwiis. Jo hawwe nei oanlieding fan de casus fan de Otto Clant skoalle yn Boksum tasein om yn petear te gean mei it skoalbestjoer oer de fraach hoe't it trije / meartalige ûnderwiis yn fusytrajekten fierder útboud wurde kin yn stee fan ûnder te snijen mids oare kwestjes. Dêr hawwe wy noch oan taheakke ús fragen fan 6 juny 2016 oer de gefolgen fan organisatoaryske opskaling op de meartalige pjutteboartersplakken.

Hokker ynstrumintarium hjirby fan neden is, is oan de oarder kaam yn jo antwurd op ús skriftlike fragen fan 5 desimber 2016 oer it Taalplan Frysk.

By al ús fragen hawwe wy bepleite om, yn ferbân mei de hege dynamyk fan alle skoalslutingen en fúzjes, tenei net langer it tal skoallen as kritearium foar sukses te hanterjen, mar ek it tal berikte bern en harren ûntwikkeling wat meartaligens oangiet. Jo hawwe dit erkend en tasein tenei ek te rapportearjen oer it tal berikte bern.”

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder beäntwurdzje wy as folget:

*Fraach 1:*

*Op hokker wize binne jo no konkreet belutsen by de ûntwikkeling fan de senario's en spriedingsplannen foar it ûnderwiis dêr't de LC fan maart 2017 oer berjochtet?*

Antwurd fraach 1:

De ûntwikkeling fan senario's en spriedingsplannen foar it ûnderwiis is yn it foarste plak de ferantwurdlikheid fan gemeenten en skoalbestjoeren. Us ûnderfining is dat gemeenten en skoalbestjoeren dy ferantwurdlikheid ek oppakke. Wy fiele ús der fanwege it al gau provinsjebrede karakter fan dizze problematyk lykwols al by belutsen. Sadwaande is de provinsje amtlik fertsjintwurdige by it oerlis en drage wy yn fasilitearjende sin by. Soks ek op útnoeging en fersyk fan de gemeente Ljouwert (yn dit gefal) en it ûnderwiisfjild sels.

*Fraach 2 a:*

*Op hokker wize bringe jo no it provinsjale belang fan in mjitbere foarútgong fan it tal meartalige learlingen yn ?*

Antwurd fraach 2 a:

Wy stelle it meartalich ûnderwiis hieltyd wer oan de oarder, bygelyks yn ús bestjoerlike oerlizzen mei de bestjoerders fan de ûnderwiiskoepels foar primêr en fuortset ûnderwiis fan de ferskillende denominaasjes, dêr't it altyd in agindapunt is. De kar foar in bepaald ûnderwiismodel leit lykwols yn it earste plak by de skoalbestjoeren sels; de provinsje hat datoangeande gjin foech. Fierder sille wy, as in konkrete kasus dêrta oanlieding jout, lykas mei de Otto Clant Skoalle yn Boksum it gefal wie, yn petear mei it (de) oanbelangjende skoalbestjoer(en).

*Fraach 2 b:*

*Merke jo dat de skoalbestjoeren hjir foar iepen steane, en dat der (mear) draachflak ûntstiet?*

Antwurd fraach 2 b:

Dat is net perfoarst oeral gelyk. By in skoalbestjoer as Roobol is it draachflak maksimaal: Roobol hat fêstlein dat op termyn alle skoallen dy't ûnder har bestjoer falle, trijetalich wêze moatte. Dat is lykwols net it belied fan alle skoalbestjoeren yn Fryslân. It tal Fryskpraters yn de oanbelangjende regio spilet dêrby faak ek in rol. Dochs komt meartalich ûnderwiis ek yn mear stedske gebieten foar. Ek dêr wolle de skoalbestjoeren der wol mei ús oer yn petear gean.

*Fraach 2 c:*

*Slagget it de provinsjale belangen yn oerienstimming mei de belangen fan de skoalbestjoeren te bringen?*

Antwurd fraach 2 c:

De skoalbestjoeren steane iepen foar de dialoach, is de ûnderfining mei it Taalplan Frysk. Uteinlik rinne de provinsjale belangen en de belangen fan de skoalbestjoeren net sa fier út elkoar: by beide giet it om goed ûnderwiis foar alle learlingen yn Fryslân. Goed taalûnderwiis is dêr in essinsjeel ûnderdiel fan; sadwaande is meartalich ûnderwiis foar de measte skoalbestjoeren in serieuze opsje. Sjoch ek it antwurd op fraach 2b.

Fraach 2 d:

*Jildt dat ek foar in goede sprieding en berikberens fan meartalige skoalokaasjes binnen dy spriedingsplannen?*

Antwurd fraach 2 d:

Binnen de basisfoarsjenning plus, lykas beskreaun yn de beliedsbrieff mei Hert, Holle en Hannen, de útfieringsaginda dy't dêrby heart en it koällysje-akkoart, sjogge wy no nei de regio's Noardeast-Fryslân en Súdwest-Fryslân. Yn dy regio's lizze goede kânsen om in fysike trochgeande learline meartaligens te kreëarjen, mei meiwurking fan de skoalbestjoeren. Dat giet om in Frysk-/twatalige foarskoalske foarsjenning, in trijetalige basisskoalle en in meartalige skoalle foar fuortset ûnderwiis (MFU) op koarte ôfstân fan elkoar. Cedin hat opdracht krige dit te ûndersykjen en sil ein fan dit jier mei de resultaten komme. Op grûn fan de ûnderfinings yn dy beide regio's sille wy sjen oft en hoe't wy dat model útrôle kinne oer de provinsje.

Fraach 2 e:

*Hokker konkrete stipe fan it Ryk ûnderfine jo by dizze oerlizzen?*

Antwurd fraach 2 e:

Yn de Wet gebrûk Fryske taal, kâst 2a, is de mienskiplike ferantwurdlikens fan Ryk en provinsje foar de Fryske taal en kultuer fêstlein. Yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018 (BFTK) tusken Ryk en provinsje, haadstik 2 (ûnderwiis), wurde de mienskiplike ambysjes oangeande it meartalich ûnderwiis yn Fryslân beskreaun.

Leden fan it team learlingedaling fan it ministearje fan OCW binne fertsjintwurdige by de oerlizzen. Sy kinne gegevens oanleverje wêrmei't de mooglike senario's oangeande de effekten fan in nije opheffingsnoarm nei gemeentlik weryndieling trochrekkene wurde. Dêrby spylje de mei subysdzje fan OCW bekostige prosesbegelieders dy't yn de regio's aktyf binne foar de ûnderwiisbestjoeren ek in wichtige rol. De steatssiktaris fan ûnderwiis moat úteinlik beslute oer in mooglike oanfraach foar in nije opheffingsnoarm fan de gemeente.

It is net út te sluten dat op termyn, fanwegen de demografyske ûntwikkelings, meartalige skoallen yn de hjoeddeistige foarm net troch bestean kinne. It Ryk is it mei ús iens dat it yn it earste plak giet om it tal learlingen dat meartalich ûnderwiis folgje kin, en fynt it ek in goede saak dat, mooglik as gefolch fan fúzjes, it tal gruttere meartalige skoallen stadichoan tanimt, sadat it meartalich ûnderwiis yn Fryslân *an sich* minder kwetsber wurdt.

Fraach 3 a:

*Hokker konkrete suksessen kinne jo ús no melde, nei de antwurden op ús fragen fan 2015 en 2016, dêr't nettsjinsteande it sluten fan skoallen en pjutteplakken, fúzje en skaalfergrutting in posityf effekt berikt is ten oansjen fan meartaligens en Frysk?*

Antwurd fraach 3 a:

Der binne ferskillende positive konkrete suksessen te neamen.

*Pjutteboartersplakken en Bernedeiferbliuwen (SFBO)*

De lêste jierren wie der sprake fan ferskate oernames of fúzjes by de oanbieders fan berne-opfang. Betiden liede dat ta it sluten fan in lokaasje. Lokaasjes dy't iepen bliuwe geane nei de fúzje eins altyd troch mei it twatalige belied. Faak bestie der al goede wurkrelaasje tusken it SFBO en de ynstelling dy't de lokaasjes oernimme (bgl. Sisa, SKF, Kinderwoud) en binne der ôfspraken makke foar it kontinuearjen fan it taalbelied. Yn oare gefallen gie it om nije ynstellingen (Kidsfirst, Thuis-bij-Thea) dêr't it SFBO earder noch gjin wurkrelaasje mei hie, mar dy't beslute om it twatalige belied troch te setten om't it op lokaasjenivo goed rint en der ûnder liedsters en âlden draachflak foar is. Dizze positive ûnderfining liedt der geregeldwei ta dat de nije organisaasje ek op oare lokaasjes oan 'e slach wol mei twataligens. Oer it generaal hawwe de fúzjes earder soarge foar mear twatalige lokaasjes as minder.

*Primêr ûnderwiis (Cedin)*

As twa trijetalige skoallen fusearje, bliuwt der ien oer, bgl. IBS Driezum en Botkeskoalle (Damwâld) of de Reinbôge (Kûbaard) en De Romte (Itens) (dus 50% minder). Dat is in natuerlike krimp dy't wol ten koste giet fan it oantal 3TS skoallen, mar net fan it oantal 3TS-bern. As 3TS-skoallen lykwols fusearje mei in reguliere skoalle, nimme se yn fierwei de measte gefallen it konsept 3TS mei: bgl. Master de Vriesskoalle, Sumar (3TS) fusearre mei De Wyngert, Sumar (net 3TS) en waard De Bining (3TS). De Skeakel, Aldegea (3TS) fusearret mei Us Nije Gea, Ealahuzen (net 3TS) ta De Fluessen (3TS). Master Camminga, Deinum (3TS) fusearre mei De Rank, Deinum (net 3TS) ta GWS Twaspan (3TS). De Stobbestjelp Vegelinsoard (3TS) gie foar in grut part op yn it Haskerplak Aldehaske (net 3TS). It Haskerplak hat no besletten om ek oan te sluten by Netwurk 3TS.

*Fraach 3 b:*

*Kinne jo dêrby ek in fergeliking meitsje mei it tal skoallen en it tal bern dêr't it meartalich ûnderwiis efterútbuorke is troch sluting, fúzje en opskaling?*

*Antwurd fraach 3 b:*

Lykas út it antwurd op fraach 3 a bliken docht, hat sluting, fúzje en opskaling net perfoarst in negatyf effekt foar it tal bern dat berikt wurdt troch meartalige berne-opfang of ûnderwiis. Wy hawwe de yndruk dat as in lokaasje foar berne-opfang of skoalle har de meartalige kultuer ienris goed eigen makke hat, dit in sterk konsept is, dat yn in fúzjeproses wol oerein bliuwt.

*Fraach 4 a:*

*Binne jo it noch hieltyd mei ús iens dat it foar it hifkjen fan it belied better is om net langer allinnich it tal skoallen (lês: koepelbestjoeren en festigen) mar ek it tal berikte bern en harren ûntwikkeling as sintraal kritearium foar sukses te hantearjen?*

*Antwurd fraach 4 a:*

Ja, dat binne wy mei jo iens.

*Fraach 4 b:*

*Sa ja, wolle jo dan soargje dat dit net allinnich yn de Bestjoerrapportazjes mar ek yn it Provinsjaal Jierferslach oan de oarder komt? Yn de Jierstikken 2016 giet it alteast noch hieltyd oer de skoallen en net oer de learlingen.*

*Antwurd fraach 4 b:*

Wy ferwachtsje yn de twadde berap en de jierstikken fan 2017 wol it oantal berikte bern en harren ûntwikkeling as yndikator opnimme te kinnen. Dat komt mei troch it beskikber kommen fan de ûnderwiismonitor, yn de twadde helte fan 2017, wêrmei't it aktuele oantal

learlingen op in trijetalige basisskoalle of in skoalle foar meartalich fuortset ûnderwiis maklik rieplachte wurde kin.

*Fraach 5:*


*Yn jo antwurd op ús fraach 9 fan 5 desimber 2016 oer it Taalplan Frysk hawwe jo sein de Steaten in tuskenevaluaasje stjoere te kinnen oer de taalplannen en ûntheffingen fan de 115 skoallen dy't tusken april en desimber 2016 besocht binne. Dizze tuskenevaluaasje soe earste of twadde fearnsjier by de Steaten lizze kinne. Wy tidigje der op om jo rapport ditoangeande foar 1 juny tastjoerd te krijen.*

Antwurd fraach 5:

Jo ûntfange bedoeld rapport foar 1 juny 2017.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,



drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A.J. van den Berg, sekretaris

foar dizze drs. A.L. Piet, loko-sekretaris

